

Hjir myn ferhaal fan in barren yn 'e Herfoarme tsjerke fan Tsjom. Foar en om 1950 hinne waard dêr de befrijing betocht, op in trochdewykse jûn. De betinking waard organisearre troch de oranjerferiening, dy't oprjochte wie yn 't jier 1946. De alve bestjoersleden steane noch moai op in foto yn besit fan frou Hilverda-Zondervan. It bestjoer siet dan wêr't sneins de tsjerkeried siet, 'yn it hek' ûnder de preekstoel. It wie wol in bytsje fan 'e gesichten ôf te lêzen: net hielendal op harren gemak. Dat wie ek wol wat te begripen, want de oranjerferiening wie fan alle sinjatuer. Mar hja dienen it dan dochs.

Ik wol hjir in pear nammen neame fan persoanen dy't ik noch goed foar de geast haw. Fan 'e foargongers kin ik my master Van Abbema fan Lollum noch yn 't sin bringe, in domeny út Harns dy't tige nei foaren brocht om 'net te ferjitten' en de bekende dû. J. Zelle út Ljouwert.

Myn ferhaal giet oer dû. Zelle. By in protte minsken stie hy bekend as ien dy't in stim hie as in âld bolle. Guon dy't him koene fan as hy foargong yn 'e Grifformearde tsjerken, hiene ûnderfining fan syn tige lûd sjongen. Mar by dy betinking fan 'e befrijing yn 'e Herfoarme tsjerke kaam dat de minsken echt oer 't mad. De gesichten bleaunen net yn 'e ploai. Der waard lake! Fan 'e Herfoarme dû. Kentie syn frou woe men dat net sa hawwe. Mar hja koe sels moai sjonge, en dit oerfoel har. Hja moast wol laitsje! En de oargelist, myn omke Jan Osinga, siet ek mei kromme teannen efter it oargel. Dat wie begryplik. Hy sil wol flink wat registers derby lutsen hawwe en tocht hawwe 'Ik bin baas!' It wie wol eefkes in ferlegene boel. En dat by it sjongen fan in skat fan Valerius-lieten: 'Komt nu met zang', 'Gelukkig is het land, dat God de Heer beschermt', 'Wilt heden nu treden', 'O Heer, die daar des hemels tente spreidt'. It falt my alle kearen wer op, dat de sneins nei de befrijing dizze lieten amper mear songen wurde.

Mar no wer werom nei de betinkingsjûn yn Tsjom. Ik wie doe noch mar krekt sa'n tiener, mar ik wit it noch as de dei fan juster. De tsjerke siet dan fol. Myn mem wie de fjirde maaie berne yn 1902. Dan koe hja net nei tsjerke, wat se spitich fûn. En de oargelist Jan Osinga, myn omke, gong dan yn 'e rin fan 'e middei by de jierdei wei, mei altiten itselde smoesje fan muoike Tsjitske: 'Jan moat jûn spylje.' Hoe faak oft dit bard is yn Tsjom, wit ik net. Faaks al net mear yn 'e jierren '50.

It hat west. No, hast 75 jier letter, giet it betinken wol wat fuort. Mar hooplik binne der noch wat âlderen yn Tsjom of fan utens dy't it lûd fan dû. Zelle fan dy betinkingsjûn noch yn 'e earen hawwe. It gong der oan it begjin fan 'e tsjinst suver wat oan wei!